

DINGtiid
keamer 0.11
Westersingel 4
8913 CK LJOUWERT

Ljouwert, 7 juny 2021
Ferstjoerd,

16 JUNI 2021

Ús merkteken : 01882082
Ôfd/Opjefte : Taal en kennis
Opsteld troch : H. Kuipers-Zandberg / (058) 292 84 76 of h.kuipers-
zandberg@fryslan.frl
Jo merkteken :
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : Advys Op 'e syk nei nije dynamyk en Tafersjoch op Frysk yn it ûnderwiis

Achte bestjoersleden,

Op 1 desimber 2020 hawwe jimme ús jimme advysnotysje *Op 'e syk nei nije dynamyk* oanbean en op 1 febrewaris 2021 it advysbrief oer tafersjoch op Frysk yn it ûnderwiis. Mei dit skriuwen wolle wy jimme tank sizze foar it advys en jimme ek ynformearje oer de stappen dy't wy as provinsje al ûndernommen hawwe en noch fierder ûndernimme sille.

Op 'e syk nei nije dynamyk

Yn jimme notysje omskriuwe jimme in ferlet oan in trijetal saken:

- 1) fokus en fisjy;
- 2) ferbining en gearwurking;
- 3) yn- en trochstream binnen it Fryske kennisfjild (regeneraasje).

Dit sinjalearren slút goed oan by de gearwurking dy't deputearre De Rouwe as ferantwurdlike foar de kennisynstellings yn oerlis mei deputearre Poepjes, ferantwurdlik foar de Fryske taal en kultuer) ynset hat mei de kennisynstellings¹ dy't harren dwaande hâlde mei de Fryske taal en/of Fryske kultuer. It doel dêrby is om stappen te setten om ta in mienskiplike fisjy en kennisaginda te kommen, gearwurking tusken de ynstellings te befoarderjen, en fokus oan te bringen yn de taken en ferantwurdlikheden.

¹ Op dit stuit: Fryske Akademy, Tresoar, Learstoel Frysk (Goffe Jensma), Lektoraat Meartaligens (Joana Duarte), NHL-Stenden, SFBO, Cedin, Fers, Afûk, RUG Campus Fryslân, Fries Sociaal Planbureau

Wat dat oanbelanget komt it goed út dat jo advys ferskynd is wylst wy al drok dwaande wiene mei de kennisynstellings om yn it ferlet te foarsjen. Jo advys kin yn dat trajekt meinommen wurde.

Oangeande jim advysrapport wolle wy in tal saken opmerke dy't yn dit trajekt fan ús tige fan belang binne en dêr't wy mear útwurkingstiid foar nedich hawwe. Dy útwurking kriget syn beslach yn it rinnende gearwurkingstrajekt mei de kennisynstellings.

Yn it foarste plak oangeande jim oanbefelling oangeande it Kennisberie. Oan dizze oanbefelling sille wy yn dizze bestjoersperioade net foldwaan. De provinsje hat ûnderfining mei in hiel soad kennisrieden: it eardere Berie foar it Frysk en it Konsultatyf Orgaan (KO) bygelyks. It Berie is yn 2011 opheft en it KO is yn 2014 feroare yn DINGtiid. Yn 2007 is it Steatekomitee Frysk oprjochte en fungearret sûnt dy tiid as oansprekpunt fan PS foar alderhande (Fryske) organisaasjes dy't winsken of fragen oer it Frysk kwyt wolle. Dêrom binne wy weromhâldend om wer in nij orgaan yn it libben te roppen, wylst de tafoege wearde net bewiisd is.

Wol binne wy in het gearwurkingstrajekt mei de Fryske kennisynstellings dwaande mei in Kennisaginda foar it Frysk en de Fryske Kultuer mei each op de lange termyn. Dit konfoarm jimme oanbefelling. Derneist stjoere wy in dit trajekt op oansluting mei al besteande kennisaginda's, ek konfoarm jimme oanbefellings.

Twads sjogge jim yn jimme advysrapport foar de provinsje Fryslân in oare rol foar it Frysk as hoe't de provinsje dy oant no ta ynfolle hat as Taalskipper. As Taalskipper wolle wy lykas wy ein 2018 fêstlein hawwe aktyf en struktureel stjoer jaan by it ymplementearjen fan de tusken it Ryk en de provinsje makke ôfspraken op it mêd fan de Fryske taal en kultuer. De Taalskipper koördinearret, regissearret en ynspirearret yn oerlis mei it Ryk it Fryske taaldossier yn ús provinsje, ek op it mêd fan ûnderwiis. DINGtiid advisearret de provinsje no om mear ôfstân te nimmen, om ynstellings de romte te jaan sels ferantwurdlikheden te nimmen om gear te wurkjen, yn plak fan elkoar as konkurrinsje te sjen. Dit spesifike advys slút dus net oan by ús hjoeddeisk belieid.

Tred hat de provinsje oangeande de Fryske Akademy spesifyk, mar dêrmei ek oangeande de Fryske kennisynstellings yn algemiene sin, advizen krigen mei it Gateway rapport en it rapport fan de Taskforce Fryske Akademy. Benammen yn it lêste rapport steane oanbefellings dy't de stjoerende rol fan de provinsje krekt steviger oanriede.

Fjird is de provinsje twa jier lyn in nij paad en wurkwize ynslein, mei de ûnderwiisorganisaasjes dy't mei de Taalplan Frysk 2030-doelstellings helpe te realisearjen. Dy nije wurkwize hat syn beslach krigen yn in oare types subsydzje-ôfspraken, wêrby't gearwurking en it ôfstimmen oan it begjin fan it trajekt betingst én biedwurd wie. Dat is folslein yn ôfstimming en oerlis mei de organisaasjes ta stân kaam en hat eltsenien goed foldien. Dy wurkwize wurdt al besjoen as foarbyld om breder ta te passen.

Gearwurkjen mei-inoar is sa as wy dit ek by it Taalplan 2030 mear ynset hawwe fansels tige wichtich. Yn dizze faze tinke wy dat it noch fan belang is om de rol fan Taalskipper aktyf op te pakken. Wol sille wy de kommende tiid neier ûndersykje hokker punten wy út jimme advys 'Op' e syk nei nije dynamyk' aktyf oernimme kinne.

Tafersjoch op Frysk yn it ûnderwiis

Yn oktober 2020 hawwe wy oan DINGtiid frege om yn kaart te bringen wat de optimale omstannichheden wêze soenen foar it hâlden fan tafersjoch op de kwaliteit fan it Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis.

De fraach hinget gear mei resultaat 55 út it bestjoersakkoart:

Wy stribje dernei om de Ynspeksje foar it Frysk fan it Ryk oer te nimmen

Yn antwurd op ús fraach hawwe jim jimme in byld foarme troch mei ferskillende partijen te praten. Dêrby hawwe jim eksplisyt omtinken jûn oan it fraachstik oft it tafersjoch op it Frysk better ûnderbrocht wurde kinne soe by de provinsje Fryslân yn plak fan by de Ynspeksje fan it Underwiis lykas dat no it gefal is. Ut jim ynventarisasaasje blykt dat de provinsje dêr belang oan hechtet, wylst oare partijen it net nedich achtsje dat der in oare formele rolferdieling komt.

Hoewol't jim konkludearje dat de trend oangeande it tafersjoch op it Frysk ûnderwiis posityf is, hawwe jim wol in tal advizen oan sawol de provinsje as oan de Ynspeksje fan it Underwiis om it posysje fan it Frysk yn it ûnderwiis fierder te bestindigjen. Dy advizen nimme wy ta herte. Wat de tafersjochhâldersrol foar it Frysk yn it ûnderwiis oanbelanget, hechtsje wy der wol oan om fêst te hâlden oan resultaat 55 út it bestjoersakkoart, en stribje wy dernei dy rol oer te nimmen fan de Ynspeksje fan it Underwiis.

Nochris tige tank foar jimme advys.

Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius - Riemersma, MBA MCM, sekretaris